




DOARPSNIJS

Nûmer 498

september 2025

KOLOFON

“Doarpsnijs” is in útjefte fan de Feriening foar Doarpsbelang Nijemardum en ferskynt op elke lêste tongersdei fan de moanne.

It earste krantsje kaam út yn april 1982.

De redaksje:

Wiepkje Holtrop	Lyklamawei 49	571310
Hedwig Beukens	Hege Bouwen 2a	572278
Annie de Kleine	Lyklamawei 34	571364
Jantsje Akkerman	Lyklamawei 27	571889
Coby Hospes	Hurddraversdyk 95	De Jouwer
	korrespondint om útiens	06 41696781
Rianne Witteveen	Wytlandsdykje 10	yllustrator
Sjoukje Kramer	Wissebuurt 12	yn elkoarsetter

E-mailadres: redaksje.doarpsnijs@gmail.com

Website: www.nijemardum.nl



It bestjoer fan Doarpsbelang:

Paul Rienstra (voorz)	Lyklamawei 39	571652
Jellie Zijlstra (secr)	Lyklamawei 4	0654612587
Dorpsbelangnijemirdum@gmail.com		
Tom Wezepoel	Lyklamawei 55	0620275676
(penningmeester, bankrek. NL30RABO0305244159)		
Jelle Siemonsma	Nij-Amerika 16	
Mieke Koot	Lyklamawei 36	0654238830
Joop de Vries	Lyklamawei 15	0645747202
Henk Bokma	Omrin 11	0610054393

E-mailadres buertplysje: patrick.bottinga@politie.nl of www.politie.nl

Wykbehearder gemeente: r.zijlstra@defryskemarren.nl, 0620548535 of www.defryskemarren.nl/melding

NIJE YNWENNERS



Harmen Bokma en Rianna
Bokma-Kooke op de
Hoitebuorren 15

BINGO

Zet 18 oktober maar alvast in je agenda. De lokaalvereniging organiseert dan weer een bingoavond. Deze keer zullen we spelen voor geldprijzen. De prijzen zijn weer verstopt in leuke verpakkingen dus is het steeds een verrassing wat je wint! Tot 18 oktober!

De Lokaalvereniging

SNACKAVOND

Op de laatste vrijdag van de maand is het Doarpshús vanaf 17.00 uur weer open voor het bestellen en/of afhalen van diverse snacks. tel. 0514-571428

Vrijdag 26 september
Vrijdag 31 oktober

OPEN MONUMENTENDAG

Het is altijd weer afwachten wat er op zo'n dag afkomt.

In ieder geval dit jaar weer 20 inwoners van Nijemirdum die een kijkje kwamen nemen.

Verder natuurlijk ook weer mensen uit de nabije omgeving zoals Sondel, Oudemirdum, Balk, Koudum en Warns.

Al met al zijn er 88 mensen langs geweest en dat is bovengemiddeld.

Hieruit blijkt dan ook dat we zeker niet ten onrechte meedoen aan dit jaarlijkse gebeuren.

Dank aan de mensen die zich deze dag hebben ingezet.

NETVERZWARING NIJEMIRDUM

In de afgelopen periode heeft het bestuur van dorpsbelang een gesprek gehad met de wethouder.

We hebben daar een aantal zaken aan de orde gehad en op één daarvan hebben we inmiddels antwoord gekregen.

Het betreft de problemen met de netverzwaring, o.a. nodig voor een deel van onze inwoners om hun opgewekte stroom kwijt te kunnen.

Helaas geen goede berichten hierover.

In Nijemirdum zijn 7 nieuwe trafo's nodig en dit vereist de nodige graaf- en kabelwerkzaamheden.

Omdat we in de nabijheid van een natura2000 gebied liggen is hiervoor meer/uitgebreidere vergunning/onderzoek nodig.

Hierdoor is de planning voor zowel Nijemirdum als Oudemirdum naar achteren verschoven.

De verwachting van de gemeente is dat de plannen niet binnen 1 á 2 jaar gerealiseerd gaan worden.

Inwoners die meer informatie willen over de buurtaanpak netverzwaring Nijemirdum kunnen contact opnemen met Liander.

Uiteraard houdt ook dorpsbelang de vinger aan de pols.

Dorpsbelang Nijemirdum

WA BIN IK?

De útkomst fan foarige moanne is

Erik Zuiderhoff.

En dat sit sa : De namme Erik is fan Skandinaafske- Fryske komôf en de betsjutting dêrfan is hearsker mei in kombinaasje fan ryk en machtich, in rike man.

At jo altyd sinne yn de tún hawwe leit er fansels op it suden.

In tún nimt men ek wol in hôf en sa komme we Zuiderhoff .

De droege woarst fynt diskear in plakje op Heaburgen by Tiete Bangma, lokwinske!

Dizze rike man

hat altyd sinne

yn syn tún

Dit wyfke struit yn

desimber nútsjes

yn de

donkerste kleuren

Wa is dit ?

Mail jimme oplossing nei :

Redaksje.doarpsnijs@gmail.com

Of belje nei nr.571889

Jantsje

IT SKETCHÛS

It sketshûs is een avond tekenen foar elkenien (tekenen voor iedereen).

Voor wie nog nooit getekend heeft, en voor mensen die al vaker getekend hebben of al heel veel ervaring hebben. 8 oktober is een try out. Met als doel om 1 x per maand It Sketshûs plaats te laten vinden. Je hoeft niets mee te nemen. Papier en kleurpotloden zijn aanwezig.

Maar neem ook gerust eigen spullen mee.

- 8 oktober 2025
- 19.00-21.00
- Lokatie Dorpshuis Nijemirdum
- Kosten € 3,00
- Kun je niet maar heb je wel belangstelling?
- Stuur een mail naar riannepprintmaker@gmail.com



Tot dan, groet, Rianne Witteveen

TORENKLOK

Een tijdje geleden heeft op de diverse buurtapp's de mededeling gestaan dat er beeld- geluidsopnames zouden worden gemaakt van de klok in de toren.

Dit is inmiddels gedaan door de stichting BRM, de organisatie die de toren in haar beheer heeft.

Via onderstaande link of QR-code kan je zien en horen wat het resultaat is geworden.

Dus, ben je ergens in den vreemde bekijk dan even dit filmpje en je voelt je gelijk weer thuis.



Dorpsbelang

GEZELLIGE KOFFIEOCHTENDEN IN DE HOEKSTIEN

Ook dit seizoen bent u weer van harte welkom op de koffieochtenden in het kerkgebouw **De Hoekstien** te **Nijemirdum**. Een moment van ontmoeting, gezelligheid en een goed gesprek onder het genot van een kopje koffie of thee. Iedereen is welkom – jong en oud, dorpsbewoner of toevallige voorbijganger, lid of geen lid van de kerk. Gewoon even binnenlopen mag altijd! De koffie staat klaar vanaf **10.00 uur**.

Data 2025 – 2026:

- 15 oktober 2025
- 19 november 2025
- 17 december 2025
- 21 januari 2026
- 18 februari 2026
- 18 maart 2026
- 15 april 2026
- 20 mei 2026
- 17 juni 2026



Zet de data in uw agenda en kom gezellig langs. We hopen u te ontmoeten!

SJONGKOAR EIGENWIZE

Sjongkoar EigenWize sjongt mei Deensk mannekoar

In tafallige moeting fan ien fan ús koarleden mei in famyljelid fan in Deensk mannekoar is it begjinpunt fan in mienskiplik konsert yn Aldemardum.

Us Deensks gastkoar dizze jûn is **Kolding Mandskor û.l.f. Mads-Christian Paulsen.**

Sjongkoar EigenWize út Aldemardum stiet û.l.f. dirigent Janny Kramer en begelieding op piano troch Esther de Jong.

Dit spesjale konsert wurdt hâlden op:

Sneontejûn 18 oktober yn de Fonteintsjerke yn Aldemardum.

It konsert begjint om 20.00 oere.

Der is gjin pauze tidens it konsert en de tagong is fergees. Wol sil der in kollekte wêze by de útgong.

Elkenien is tige wolkom op dizze ynternasjonale muzikale jûn.

Bestjoer Sjongkoar EigenWize



“De oudste vereniging van Nijemardum”

De SOOS wordt zo wel genoemd en is nog steeds springlevend, maar.....een beetje meer bekendheid is ook wel op z'n plaats, vandaar een stukje in het Doarpsnijs.

Wat is de SOOS voor een vereniging?

Als je het opzoekt dan krijg je de mooiste omschrijvingen zoals

- “Studenten Organisatie voor Onderwijs en Studie”
- “Stichting Opleiding en Onderzoek Suriname”.

Maar in Nijemardum is het een gezellige vereniging om elkaar te ontmoeten. En nee, je hoeft niet minimaal 75 jaar te zijn om te deelnemen. Iedereen is welkom!

Wat kan je er doen?

In eerste instantie gezellig een kopje koffie of thee drinken en een praatje maken. De wereldproblemen doornemen en gelijk even oplossen. Maar ook een spelletje doen, kaarten, biljarten enz.

Er is ook ruimte voor nieuwe initiatieven!

Je zou kunnen denken aan een reparatie-punt voor spullen. Er zijn vast veel handige mensen in de Mienskip die het leuk vinden om zaken te repareren. Denkaankleine huishoudelijke apparaten of kleding reparatie. Maar ook helpen met digitale uitdagingen of formulieren. Er zijn vast nog wel andere geweldige ideeën.

Misschien heb je zelf een leuk idee om in de SOOS te doen, neem dan contact op met Yde. Of, stop een berichtje in de brievenbus van het Doarpsshûs t.a.v. SOOS. Nog beter natuurlijk, kom eens langs! (ook als je geen nieuw idee hebt)

De SOOS is open op dinsdagmiddag van 14:00 uur tot 16:00 uur in september tot en met april.

Hartelijke groet,
namens de SOOS deelnemers,
Yde Groenhof
Gerlof Otter

yde@live.nl 0654656224
Gerlofotter@home.nl
0514 571764 0630476332

IT HIMD FAN IT GAT



De lêste kear mei de bingo yn Nijemardum hie ik de haadpriis. En ik mar fertelle oan de tafel “ik win nooit wat”.. gie ik dy jûns mei 2 prizen nei hûs.

Geweldich dochs, ien fan dy prizen wie in dei diel op de ‘lopifit’ fuort - jimme witte wol, dy lange autopetten wêrsto op rinne moatst. Dy kinst hiere op Nij Amerika, wêr’t eartiids Petri wenne en letter

Fennema. No wenje Ortwin en Laura dêr.

In pear moanne lyn bin ik in middei fuort west mei Iris op de lopifit. Anouk en Jan doarden it net oan. No ik sil jimme it fertelle: wy moasten ek faak efkes stopje om by te komme

n. Yn it begjin moatst de kop der wol by ha, net te folle nei efteren mei de fuotten want oars kinst dyn hakke blessearje... ik tocht ‘oeh, dat sil my wer oerkomme’. Mar nei in heal oere bist aardich went oan dy rinbân; wy gienen as it spoar.

Wy ha in prachtige middei han, Ortwin kin hiel entûsjast fertelle oer alles, ik tocht ‘dy sil ik noch ris ynterviewe foar it Doarpsnijs’. Dat wie fansels gjin probleem, op in moaie moarn rûnt kofje tiid fyts ik nei de nije reet. Ortwin makket in lekkere espresso foar my mei in hearlik stikje plaatcake. Syn freondinne is nei it hûnebosk, se ha in skoftke lyn in hûn adoptearre út Grikelân. We geane los, ik mei it yn it Frysk dwaan want hy kin Frysk lêze.

- *Hoe komt in Amsterdammer op Nij Amerika te wenjen?*

Ja, ik bin berne yn Amsterdam Noard, ik siet yn de klasse by Kluivert en Bergkamp.

Myn Pake en Beppe wennen yn Lemmer. Ik kaam dêr faak útfanhûs mar hie noch nooit fan Gaasterlân heard; ik wist wier net dat it hjir sa moai wie.

We sochten eins eat op ‘e Feluwe, mar wat in gelok dat wy dit op Funda seagen! Wy wenje hjir prachtich, en wy ha alle twa noch gjin momint spyt hân.

Myn heit wennet noch yn Amsterdam Noard, ik gean der eltse wike hinne, mar bin altyd wer bliid dat ik de Ketelbrêge wer oer bin. Laura hat har wurk noch wol yn Amsterdam, se is psychoterapeut en hat dêr har eigen praktyk. Se is dêr twa dagen yn 'e wike en de rest wurket se thús. [Ortwin hat werklik twa rjochter hannen, want hy hat in moai kantoarke makke op de boppe ferdjipping]

- *En dan begjinst mei it ferhieren fan lopifits*

Ja, ik ha oant myn 45^{ste} yn 'e hannel sitten. Ik ha foar Teva wurke [jimme witte wol, de sandalen], en ik ha de CROCS nei Europa helle [Jan mei dêr allinnich op de camping op rinne]. Dat wie wier in súkses ferhaal, mar troch omstannichheden kaam ik op strjitte te stean. Doe bin ik myn eigen klusbedriuw begûn: timmerje, ynstalaasjewurk, skilderje - eins fan alles.



Doe't wy in kear in wyk eintsje yn Egmond wienen seagen wy dy lopifit, en dêr binne wy in middei op út west. Doe tocht ik, 'hé, dit is wol wat foar ús'.

Sa ha wy der no tsien yn de ferhier, der sit in 'track en trace' op. Dus dan wit ik ek wêr't se binne as ik noch efkes fuort moat. Ik kin hjir fansels net fan bestean, mar it is wol aardich om der by te ha.

Fierder ha we noch in fakânsjehûs yn

Ermelo dat faak ferhierd wurdt. Dêr doch ik ek alle ûnderhâld fan, en ik meitsje it eltse kear wer skjin.

- *Ek noch goed yn húshâldlike taken?*

Jawis, ik doch hjir eins alles. Iten siede is ek in hobby fan my, en boadskipje is ek gjin probleem. Laura hâldt dêr net fan, se hâldt net iens fan shoppe. Ien kear yn it jier gean ik nei Steegenga mei har, en ik sykje allegear setsjes foar har en sy komt net út de paskeamer wei.

- *En bûten stiet allegear prachtich moai keramyk, dat dochst der ek noch by?*

Dat is Laura har hobby, sy hat dêr in kursus foar dien en wy ferkeapje dit op braderyen. It stiet by de Graasboerderij yn Sondel en yn Ekoplaza op 'e Lemmer.



It is wat in 'HK Living'-style, dat fine de minsken prachtich [tsjonge, hiele moaie bekers en kofjemokken].

- *Ja, en do kinst wol ferkeapje*

Ja, dêr ha ik l

ang genôch foar yn 'e hannel sitten. Ik mei ek graach oare minsken helpe mei kommersjele tips om harren produkten better te kinne ferkeapjen.

- *Hast ek noch tiid foar hobby's?*

Jaseker, ik mei hiel graach nei Mirns gean om te surfen. Ik ha eartiids in hiel soad dien oan ekstreme sporten. Tink oan kayakke fan grutte hichten, ik ha wol mear as fjouwerhûndert kear bungee-jumpe, en ik ha les jûn yn klimmen yn de grotten fan de Ardennen.

- *Gie dat altyd goed?*

Nee, seker net; ik ha hast alle bonken yn myn lichem brutsen. Mar myn wurk is ek myn hobby, ik genietsje hjir yn Gaasterlân by it soad.

Ik kin de minsken ek fan alles fertelle wat se op 'e rûte tsjin komme kinne, oer de mûne 't Swaantsje, oer de gaast en kliffen, wêr't se de lekkerste kibbeling keapje kinne, ensafuorthinne [hy wit mear as my].

- *En se binne faak ferhierd?*

Ja, ik mei net klaaie. En as it wat minder giet, dan meitsje ik sels in rûntsje. Dan diel ik myn kaartsjes út op de folle terrassen, dat wurket altyd hiel goed.

Tsjong, ik ha de helte noch mar opskreaun fan wat hy ferteld hat. Se wenje hjir no seis jier, mar yn dy seis jier hat hy syn hûswurk wol goed dien.

Dus Nijemardummers, liket it jimme no ek aardich om in middei mei dy lopifit op paad te gean? Dan soe ik sizze, 'gewoan dwaan!', want it is hartstikke aardich, en foar de lokale minsken makket hy ek noch in moai priiske.

Ortwin, tige tank foar dyn entûsjaste ferhaal en kofje mei hearlike plaatcake.

★★★

Rein
is
gewoon
konfetty
in
de
loft

W25

Mei tank oan de folgjende minsken/bedriuwen kin Doarpsnijs elke moanne útbrocht wurde:

Tanja Adriani	What's the Metta mindfulness en coaching
Harmen en Lieske Bangma	Camping De Groninger
Albert en Jeannet Bekedam	Vakantiewoningen en groepsaccommodatie
Bauke en Hedwig Beukens	Garant Zaden
Bed & Breakfast Lyklamastate	Kamers en appartementen
Kim van den Brom	Total Support For Marine
Jan Buma	Buma Handel
Ortwin Dellevoet	Lopifit Gaasterland
Johan A. Dijkstra	Dierenarts
Jelle Eppinga	Boomkwekerij
Runia Fourage BV	Veevoerders
Ede Groenhof	Transportbedrijf/verhuizingen
Halbe en Harm Willem Hielkema	Hielkemabouw
Atze Hoekstra	Douwe Hoekstra kraanverhuur en transport
Tryntsje de Jong-Rienstra	Kapsalon Tryntsje
Mieke Koot	Generatiethuis
Koen Maronier	Yacht Power BV
Cees en Johannes v.d. Meer	Van der Meer Mechanisatie
Gebroeders Postma	BHP Funderingstechniek
Hendrik Postma	Motorenrevisie/reparatie
Marijke Postma	Kniphúske kapsalon en nagelstudio
Jan-Dirk van der Tol	Feedtuber B.V.
Runia Transport Nijemirdum	Transportbedrijf
Ruerd Vellinga	Vellinga werkschoenen en -kleding
Annoesjka de Vries	Pedicure
De Vries	Slagerij, Oudemirdum
Ilse Wezepoel	Snuffelplezier
Rianne Witteveen	Dsign & printmkr

De famylje Kramer soarget derfoar dat it krantsje elke lêste tongersdei fan 'e moanne by de minsken thús komt.

DUOFYTS RESERVEARJE:

Dat kinne jo melde by Wiepkje Holtrop 06-10547123



INZAMELINGSPUNTEN:

Wat:

Waar:

t.b.v.:

Plastic doppen van flessen,
tubes, potten en bussen

Fam. Strampel,
Heaburgen 1

KNGF
blindegeleide-honden.

Inkt-cartridges, toners en
oude mobieltjes

Fam. Hoekstra,
Hoitebuorren 18a

Stichting
Kinderhulp Oeganda

Metalen/blikjes/doppen/
deksels/spuitbussen


Fam. Rienstra,
Omrin 14

STOPhersentumoren.nl

Inleveren van postzegels/
Ansichtkaarten/
geboortekaartjes
en oude munten

fam. J. Veldman,
Nij Amerika 8 en
fam. Y. Wiersma,
Omrin 1

Kerk in Actie



AGINDA

26 septimber	snackjûn doarpshûs, fan ôf 17.00 oere
27 septimber	playbackshow
28 septimber	oldtimerrit
08 oktober	it sketshûs
15 oktober	koffiemoarn yn de Hoekstien
18 oktober	bingo
18 oktober	konserst sjongkoor Eigenwize + Deens mannekoar
29 novimber	sinteklaasjûn

IT FOLGJENDE KRANTSJE ferskynt op tongersdei 30 oktober

KOPIJ YNLEVERJE foar moandei 20 oktober

by ien fan de redaksjeleden

in e-mail stjoere kin ek: redaksje.doarpsnijs@gmail.com